

Yn it spoar fan Hieke Hornstra



Bolle-plaatsje

Nei de oarloch kaam it libben stadichoan wer op gong. Fral 'stadichoan', want op 5 septimber 1942 waard al besletten ta útwreiding fan Wikel, mar dat kealle swier. Wie de gemeente ienriedich dan smiten Deputearre Steaten mei dwerse knepfels. It plan wer werom nei Balk, skave en mei de korreksje floeistof der oerhinne, wer nei Ljouwert mei it spul, ter inzage lizze en folle net genôch. Lang om let is it dan sa fier. Begjin febrewaris 1954 mei der yn Wikel ien – jim lêze it goed: ien – wente boud wurde yn de frije sektor en fjouwer wenningwetwenningen. Dat sil grif it begjin fan de DuToursstrjitte west ha. Hawar, leaver fjouwer as neat.

Yn de tuskentiid binne Bennie Post en Jouke Hottinga út Yndië weromkommen - Bennie mei de Groote Beer en Jouke mei de Skaugum – is Auke Swart kampioen koarte baan fan Gaasterlân wurden mei Germ Strampel as twadde, binne Albert Scholtanus, Margje Toering en Ale Bakker slagge foar koerbalskiedsrjochter. Margje wenne yn Rûchhuzen, mar spile by DTG. Jierren letter sieten Germ en Ale deun by elkoar yn Talmahiem yn Balk. 'Hoe ist Germ?', frege ik him in kear. 'As it goed wie, siet ik hjir net fansels.' Hy miste syn hûntsje, syn grutte maat.

Fan adel

Dy útwreiding hat Wikel sûnder mis te tankjen hân oan de K.I. op dat stuit de grutste wurkjouwer fan it doarp. Bakhuzen krige ek romte foar wenningen, in gefolch fan Mous. It offisjele K.I.-station – no Bêd en Brochje Gaasterlandhoeve – hie in foargonger yn it simmerhúske op it hiem fan Faber mei útsicht op de wenning fan Wolter Spoelstra. It stasjon waard iepene yn septimber 1956.

Wikel hie in pear jier earder al in bolle fan standing: Kollumer Smits, eigendom fan Watze Hepkema en Jacob Kiestra. Se hienen him kocht yn Eastersee fan Homme Heida en Jo de Jong. Kollumer Smits wie fokt troch J.J. Sikma fan Raerd. De bolle wie preferint, sa'n bytsje ferheven ta de adelstân fan oerfaders. Tiemen Kiestra yn Stienwyk hat syn hiele 'dooptceel'.

Wy as bysfeinten wienen hast altiten te finen op de pleats fan Kiestra op de Hoek, dy njonken Vermeltfoort en in skofke werom ferlitten troch

Freddy Visser. Jimmer en erflik fuotbalje, want by Kiestra mocht omtrint alles. Oant dy iene dei dat wy – Gerrit Leffertstra, Henk en Minne Feenstra en ik – mei de bal in rútsje ynskopten fan de stâl wer't Kollumer Smits yn stie. Wy binne doe fan it hiem stjoerd en Gerrit syn mem en myn mem seinen hast yn koar: dan ha jimme it der ek wol nei makke, want Kiestra stjoert jim net samar fuort.....Kiestra hat fjirtjin jier diel útmakke fan in stamboeksbestjoer en hy siet ek yn it bestjoer fan de CCF , 'De Kondins'. Doe't ik wat oan it sneupen wie op ynternet kaam ik Kiestra, Hepkema en Kollumer Smits nochris tsjin. Wat schetst mijn verbazing, dat der plaatsjes fan dy bolle makke binne dy't no noch te keap binne foar lju dy't dy sammelje. En wy mar tinke dat sokke plaatsjes der allinne wienen fan fottballers en filmstjerren as Roy Rodgers, Jayne Mansfield en Esther Williams by in pakje kauwgom fan Post.

Willem Stegenga